

Ut ‘e Pinne

Ferienigingsblêd fan it Frysk Selskip

‘Fier fan Hûs’ Apeldoorn

Sûnt 9 desimber 1901

55e jiergong nr 2 april 2022

Personalia

Eareleden

Aafje Miedema - Loonstra.

Hennie Wiersma - Wiersma

Lammert Toering

Theun Ruim

Bestjoer

Foarsitter: Henk de Boer	De Wezeboom 4, 6971 HP Brummen 06-53929111 henkank.deboer48@kpnmail.nl
Skriuwer: Gerrit Stegenga	Texandrilaan 49, 7312 HP Apeldoorn, 055-3556700 fierfanhus.apeldoorn@gmail.com
Skathalder:	fakatuere
2e Foarsitter en akwisiteur: Bero Postma	J. de Grootstraat 20, 7311 GN Apeldoorn, 055-5760715, beropostma@kpnmail.nl
Lid: Froukje de Wilde – Witteveen	Rentmeesterhof 7, 6961 DB Eerbeek 0313-654859, witwil1940@gmail.com
Lid /ferlotting: Lammert van der Meulen	De Parkelaar 11, 7339 JC Ugchelen, 055-5341500 lammervandermeulen@kpnmail.nl
Lid gastfrou: Atsje Roorda - Kooistra	Jacobus Meijlinkstraat 18, 7425 SM Deventer 0570-591174

Kritemeilibjen

It Kritemeilibjen wol graach op ‘e hichte hâlden wurde fan sykte, ûngemak, en jubileums. Dan kinne wy meilibje troch in tillefoantsje, in kaartsje of in bisite.

Hennie Wiersma	Waagmeesterhoeve 509, 7326 RZ Apeldoorn, 055-5337614
Jose Bonder	Arbeidstraat 12, 7311 CT Apeldoorn, 055- 5223656
Sietske Stegenga	Texandrilaan 49, 7312 HP Apeldoorn, 055-3556700

Fan de foarsitter Henk de Boer

Alwer in jier om, wat fljucht de tiid. In gjalp, dy't men faak heart bij de minsken fan ús jierren. Ja, alwer in jier om. In jier mei koroana, it twadde jier al. It trof, dat wij ferline jier noch in pear kear byinoar komme koenen. It slagge sels om ús 120-jierrich bestean te fieren. Fierder wie it in rêstich jier wat de kriteaktiviteiten oanbelanget. Wis, troch koroana koe der net in soad. Hooplik wurdt it dit jier wat makliker om aktiviteiten te organisearjen. Spitigernoch koenen wij ús nijjiersbesite net hâlde. Dyjingen dy't dat woenen binne twa as trije kear ynpripts tsjin koroana. Dêrtroch binne der faaks wer wat aktiviteiten mooglik. Ek de gesellige middei yn maart en de jiergearkomste yn maaie, dy't wij fan doel wienen.

It is al ferskate kearen neamd. Wij sykje noch altyd om in ponghâlder. Dêrtroch is it bestjoer ynkompleet. Hooplik feroaret dat. Ik sit al wat yn oer de takomst fan ús krite. Hoelang hâlde wij it noch fol om bestean te bliuwen? It is hast net mooglik om nije bestjoersleden te finen as ien fan it bestjoer fan no dermei ophâldt. Ik nim oan dat wij yn allen gefallen it hûndertjierrich bestean fan it Frysk Boun om Útens yn 2023 noch helje. Dat moat slagje neffens mij.

Dan noch efkes de banknûmers. De rekken bij de ING bank is no definityf opsein. **Jo kinne dus straks allinne noch mar de kontribúsje oermmeitsje op de rekken fan de RABO (NL67 RABO 0303 3512 17 Fier fan Hûs Brummen)**. Wij hienen dat al oankondige, mar nettsjinsteande dat binne der noch inkelde tsientallen kontribúsjestoartings op de ING rekken dien.

It nije formaat en de lay-out fan Út 'e Pinne is goed ûntfongen. Wij ha ferskate positive reaksjes krigen. Tank dêrfoar. Dêr't wij al wat oer ynsitte is dat de advertinsje ynkomsten tebekrinne. Nochal wat advertearders ha oanjûn gjin advertinsjes mear yn ús blêd sette te wollen. Om de Pinne te bekostigjen binne advertinsjes needsaaklik. As jo ien witte dy't mooglik advertearje wol, jow it troch oan ús.

Ha jo it programma Denkend aan Holland folge? André van Duin en Janny van der Heijden fearen de Alvestêdentocht. In moaie promoasje foar Fryslân en de Friezen. Oeral waarden se entûsjast ûntfongen mei in dweilorkest, in koar, as mei in entûsjaste ploech Friezen. In leuk programma dêr't út en troch yn weromsjoen wurdt nei de lêste Alvestêdetocht dy't 25 jier wûn waard troch Henk Angenent.

Lokkig wurden de koroanamaatregels ferromme, wij kinne yn maart en maaie wer gesellig by elkoar komme. Ik hoopje jo te moetsjen.

Fan de bestjoerstafel

Gerrit Stegenga

Der is net sa folle nijs fan it bestjoer. Wy hawwe mei de jûn fan 26 maart eins it seizoen fan 2020 – 2021 ôfsluten. Op 6 maaie is de ledegearkomste. De wurklist stiet yn dizze Pinne. Foar it seizoen 2022 – 2023 binne noch gjin datums fêstlein. It bestjoer komt 31 maart noch gear. Jimme heare der mear fan op de ledegearkomste.
Der binne wol 2 nije leden bykommen, nammentlik de hearen van Nimwegen út Sutfen en Knevelman út Apeldoarn. De lêste wie ek op de kritemiddei en koe doe al wat yn ‘e kunde komme. Wy hoopje foar beide mannen dat se harren fluch thúsfiele meie yn ús fermidden.

Weromsjen op 26 maart

Gerrit Stegenga

De earste kritemiddei yn 2022, en nei de ferromming fan de koroanamaatregels. It mocht wer: byinoar komme, mei inoar prate en freegje: “Hoe is it my dy/jo? Wat hawwe wy elkoar in skoft net sjoen.”

Om 14.00 oere koe Henk de Boer, de foarsitter, sa’n 35 minsken wolkom hjitte yn Ugchelens Belang. Der wie in boeketafel, in prizetafel foar de ferlotting, der wie kofje mei oranjekoeke (út Snits) en, net alhiel ûnbelangrik, eltsenien hie in goed sin!.
Henk koe ek meidiele dat der 2 nije leden binne; ien fan harren wie ek op de middei.
De spylman fan fan ‘e middei, Herman Peenstra, hie der nocht oan. Starte mei it Frysk Folkslied mar letter waard ek it Folkslied fan Grins songen, ta eare fan Akke en Bero Postma, dy’t ynkoarten 60 jier troud binne. De boargemaster hie al op besite west, hearden wy. Fan herte lokwinske, Bero en Akke.
Der waard dizze middei omraak meisongen en it wie tige gesellig. Yn it skoft waard de ferlotting hâlden. Doe die bliken dat der op folle mear minsken rekkene wie: net alle lotsjes koene ferkocht wurde, mei gefolch dat der prizen op de tafel lizzen bleauwen. Der binne letter noch wat fan ferkocht.
De middei waard ôfsluten mei in stamppotbuffet: boerekoal, soerkool, hutspot, woarst, speklapkes, spekjes, soer, ensf. wie der by de rûs. Eltsenien koe mar omraak ite, en dat waard ek dien.

Weromsjend op dizze middei kin ik stelle dat de minken dy’t der wienen, harren wol fermakke hawwe, en dat de minsken dy’t der om wat foar reden net wienen, wat mist hawwe: efkes byprate en sjonge yn it Frysk!

No op nei de Algemiene Ledegearkomste op 6 maaie, yn de Duiker

Wurklist foar de Algemiene Ledegearkomste oer it jier 2021 fan it Frysk Selskip ‘Fier fan Hûs’ te Apeldoarn op 06-05-2022, 19.00 oere, yn De Duiker te Ugchelen.

1. Iepenjen
2. Fêststellen fan de wurklist
3. Meidielings
4. Ynkommen en útgiene stikken
5. Ynfentarisaasje punten fan omfreegjen (sjoch wurklistpunt 16)
6. Oantekens fan de ledegearkomste fan 18-09-2021 (oer it jier 2020)
   De oantekens steane earne oars yn dizze Pinne
7. Evaluaasje fan it kritejier 2021
8. Jierferslagen:
   8.1. fan de skriuwer
   8.2. fan de ponghâlder
   exploitatierekken 2021
   balâns 2022
   8.3. fan de boekeferkeap
   8.4. fan it kritemeilibjen
   8.5. fan de kaskommisje (de kaskommisje bestie út fr. Kooistra en hr. Kingma)
9. Konsept begrutting 2020
10. Beneaming nij lid fan de kaskommisje
    Fr. Kooistra is ôftredend. Ynkommend is hr. Nieuwland. Der moat al in reservelid komme, dy’t dan it oare jier meidocht. Wa???????
11. Bestjoersferkiezing
    11.1. Ponghâlder. It bestjoer is der noch net yn slagge om in geskikte kandidaat te fynen.
    11.2. Lammert v.d. Meulen is ôftredend.
12. Earje en wurdearje
13. Wurklist 2022 – 2023
14. Omfreegjen
15. Sluten

Wy hawwe foar nei de gearkomste Jan Bosgraaf, foarsitter fan de krite Swol, frege om te vertellen oer syn ûnderfinings as Bysûnder Amtner Boargerlike Stân. Wy witte noch net of hy kin. Kin er net, dan hawwe wy wat oars. Lit jimme ferrasse.

Oantekens Algemiene Ledegearkomste 2020 fan it Frysk Selskip “Fier fan Hûs”, Apeldoorn op 18 septimber 2021 yn de Duiker, Ugchelen

Ferzje 2

1. Iepenjen

Om 13.45 oere iepenet de foarsitter, Henk de Boer, de Algemiene Ledegearkomste fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs", yn de Duiker te Ugchelen.
Oanwêzich binne Henk de Boer, foarsitter en ponghâlder (a.i.), en bestjoersleden Bero Postma, Froukje de Wilde, Atsje Kooistra en Gerrit Stegenga (skriuwer).
Bestjoerslid Lammert v.d. Meulen hat ôfberjocht dien yn ferbân mei syn sûnens.

Der binne fierder 24 leden, dêrûnder de eareleden Aafje Miedema, Hennie Wiersma en Lammert Toering.
Ofberjocht is kommen fan de leden fr. Groeneveld, hr. en fr. de Jong, hr. en fr. Klaver, fr. Bonder en fr. Huisman.
De foarsitter is wol bliid mei dizze opkomst. Trochdat de minsken wat ferspraad sitte (1½ meter ôfstân) liket de seal moai fol. Hy is tige bliid dat wy wer byinoar komme meie en kinne. Dan wurde steand de leden betocht dy’t ús yn 2020 ûntfallen binne.
Hjirmei is de gearkomste, dy’t giet oer it jier 2020, iepene.

2. Fêststellen fan de wurklist

De wurklist wurdt ûnferoare fêststeld.

3. Meidielings

Gerrit Stegenga makket melding fan de Algemiene Ledegearkomste fan it Frysk Boun om Utens, dy’t 9 oktober hâlden wurdt yn Hurderwyk. De middeis is de Moetings- en Ynspiraasjemiddei, dêr’t Lutz Jacobi sprekke sil. Dêrnei is der in optreden fan it Selskip Age Veldboom mei de foarstelling ‘Myn Skip’. Minsken dy’t hjir hinne wolle, kinne harren efkes melde by Gerrit foar mear ynformaasje. De ynfo komt lykwols ek yn de kommende kritebrief.

4. Ynkommen en útgiene stikken

Der binne gjin ynkommen en útgiene stikken dy’t neamd wurde moatte.

5. Ynfentarisaasje punten fan omfreegjen (sjoch wurklistpunt 14)

Hjir moat noch efkes op stind wurde.

6. Oantekens fan de Algemiene Ledegearkomste fan 30-09-2020

Gerrit Stegenga lêst it hiele ferslach foar. Yn de Pinne fan desimber 2020 hat in ferkoarte ferzje stien. Der binne gjin fragen oer de oantekens.

7. Evaluaasje fan it kritejier 2020

Yn 2020 binne alllinnich de nijjiersbesite op 10-01-2020 en de kritejûn fan 07-03-3030 trochgien. Dêrnei kaam de ‘lockdown’. Op 30-09-2020 wie de ledegearkomste oer 2019. De foarsitter seit te hoopjen dat wy dit seizoen wat mear dwaan kinne en meie.

8. Jierferslaggen

8.1. <u>fan de skriuwer</u>

It jierferslach stie yn de Pinne fan septimber 2021. De gearkomste hat gjin ferlet fan it foarlêzen en fynt it goed. It jierferslach wurde fêststeld.

8.2. <u>fan de ponghâlder</u>

8.2.1. eksploitaasjerekken 2020

Henk de Boer jout in taljochting op de sifers dy’t yn de gearkomste útdield binne. Hy seit dat de ING-rekken opsein wurde sil, mar dat dy no noch brûkt wurdt troch de adverteerders en guon dy’t de kontribúsje noch net betelle

hawwe. Ek de ûngefallenfersekering is opsein. Der is gjin toaniel- en skotsploech mear; dêrom hoecht ek de fersekering net mear.
Lutske Stienstra merkt op dat ‘advertentie’s’ en ‘consumptie’s’ net mei ’s, mar oanelkoar skreaun wurde moat. De ponghâlder seit betterskip ta.
Fierders binne der gjin fragen oer de ekspoitaasjerekken

8.2.2. balâns 2020
Der binne gjin fragen oer de balâns.

8.3. fan de boekeferkeap
Sawol Froukje de Wilde as Sjoerd de Glee hawwe neat te melden oer boekeferkeap.

8.4. fan it kritemeilibjen
Hennie Wiersma jout ynsjoch yn it wol en wee fan it kritemeilibjen. Der is net folle ynbard, mar wol útgien. It tekoart kin oanfolle wurde troch de ponghâlder. Hennie seit dat besite net altyd mear kin, mar in kaartsje wol.

8.5. fan de kaskommisje
De kaskommisje, hr. Sprietsma en fr. Kooistra, hat de boeken neisjoen. Henk Sprietsma seit dat se alles dik yn oarder fûn hawwe. Hy is tige wiis mei de nije opset en jout ek tagelyk mar in kompliment oer de nije útfiering fan De Pinne. De kaskommisje stelt de gearkomste út en ûnlêstigje it bestjoer foar it fierde bewâld oer 2020. De gearkomste nimt dit oer.

9. Konsept begrutting 2021

Henk de Boer jout taljochting. De kosten foar De Pinne binne nei ûnderen gien. Dat komt omt er noch mar 2 Pinnes it jier útkomme, mar ek de drukkosten binne goedkeaper; Henk de Boer doch opmaak. Lutske Stienstra set sa nedich stikken út it Nederlânsk oer yn it Frysk. Der binne gjin fragen oer de begrutting.
Johan Nieuwland seit dat ‘begrutting’ eins wêze moat ‘opeenstapeling van onzekerheden’.
Hjirmei wurdt de begrutting fêststeld.

10. Beneaming nij lid kaskommisje

Henk Sprietsma is ôftredend. Hy wurdt betanke foar syn wurk. As nij lid neist fr. Kooistra biedt Simon Kingma him oan. Johan Nieuwland wurdt reservelid. Dêrmei is de kommisje kompleet.

11. Bestjoersferkiezing

11.1. Ponghâlder
Der is noch gjin nije ponghâlder. Henk de Boer is der noch mei dwaande, mar ek de gearkomste moat meitinke!

11.2. Skriuwer
Gerrit Stegenga is ôftredend. Dat komt omt net de persoan, mar de funksje liedend is yn it roaster fan ôfgean. Gerrit hat him reeferklearre en gean noch in termyn troch. De gearkomste giet hjir mei akkoord.

11.3. Werkiezing Froukje de Wilde
Foar har jild itselde as foar Gerrit Stegenga; ek har sit yn it bestjoer is ôfgeand. Froukje wol noch wol in termyn trochgean. De gearkomste nimt it útstel fan it bestjoer oer om har op ‘e nei te beneamen.

12. Earje en wurdearje

Fr. Oosterhoff kriget in spjildsje foar har 40 jierrich lidmaatskip. Ek fr. Lenstra is (mear as) 40 jier lid. Lammert v.d. Meulen sil frege wurde en bring har it spjildsje. Der is ek in spjildsje foar Atsje Roorda; sy is al 60 jier lid – earst fan de krite Dimter en dêrnei fan de krite Apeldoorn.

13. Wurklist 2021 – 2022

Op dit stuit steane de ûndersteane saken op ‘e priemmen:
- 03-10-2021: Tsjerketsjinst yn de Fryske taal yn de Kapel de Hoog Soeren om 17.00 oere; foargonger hr. Egbert Fokkema;
- 09-10-2021: Algemiene Ledegearkomste fan It Frysk Boun om Utens, dêrnei de Moetings-

en Ynspiraasjemiddei yn Hurderwyk (Reinbôgetsjerke) mei Lutz Jacobi en dêrnei selsip Age Veldboom mei 'Myn Skip';
- 30-10-2021: Fiering 120 jier Fier fan Hûs yn Ugchelens Belang, mei in optreden fan de trekharmonicaklub Oostergo. Faaks kin nei de middei ek iten wurde. De mooglikheden wurde noch ûndersocht;
- 08-01-2022: Nijjiersbesite yn Ugchelens Belang;
- 05 of 12-03-2022: kritejûn yn Ugchelens Belang dy't noch mei kabaret of toaniel ynfolle wurde moat;
- 15-04-2022: Ledegearkomste yn De Duiker;
- maaie 2022: Kritereiske? Theun Ruim wol wol trochgean mei de organisaasje, as der noch ien by komt yn de kommisje. Henk Sprietsma wol meidwaan. Theun en Henk sille de mooglikheden ûndersykje.

De Pinne komt út yn maart 2022; kopij is wolkom. Dat hoecht perfoarst net yn it Frysk, want Lutske Stienstra kin it oersette. Henk de Boer seit dat alle adverteerders bleaun binne. De nije útfiering fan De Pinne falt yn 'e smaak.
Neist De Pinne komme der kritebrieven. Dy geane foar it grutste part fia de mail. Mei in kritebrief kin it bestjoer de aktualiteit better fêsthâlde.

14. Omfreegjen.
Henk Sprietsma fertelt dat hy it wurk fan Henk v.d. Meulen oernommen hat.
Froukje de Wilde makket reklame foar it bûsboekje oer 2022. It kostet € 7,50 en is tige nijskjirrich. It téma fan 2022 is 'Romte'. Yntekeners kinne harren opjaan by Froukje.
Froukje de Wilde makket melding fan har boekbesprekkingen yn De Pinne. Minsken dy't nei oanlieding dêrfan it boek lêze wolle, kinne dat liene by Froukje (of sels oanskaffe fansels; tenei wurdt it ISBN ek oanjûn).
Johan Nieuwland freget hoe't it mei Froukje v. Laar giet. Henk de Boer seit dat it nei omstannichheden goed giet. Froukje hat opsein as lid, mar der is noch wol kontakt.
Lutske Stienstra freget nei de sûnens fan Sikke en Tine Klaver. Henk de Boer andert dat it by Sikke stadichoan efterút giet. Se binne noch mei fakânsje, mar tige belutsen by de krite.

15. Sluten
De foarsitter seit eltsenien tank foar it kommen en de ynbring. Hy slút de gearkomste.
Nei it skoft wurdt der Frysk Bingo spile ûnder lieding fan Johannes de Kroon út Hurderwyk. Hy sil stipe wurde troch syn sydsulver.

Septimber 2020
Gerrit Stegenga

Jierferslach oer it jier 2020 fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs" te Apeldoarn.

It bestjoer fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs" bestie it jier 2021 út:
Henk de Boer, foarsitter, Gerrit Stegenga, skriuwer, Bero Postma, twadde foarsitter en adfertinsje-winner, Froukje de Wilde, 2e ponghâlder en boekeferkeap, Lammert van der Meulen, algemien lid en regelaar foar de ferlotting en Atsje Roorda-Kooistra, gastfrou.
It bestjoer kaam yn it jier 2021 trije kear byelkoar om de jûnen en middeis ta te rieden en de rinnende saken te besprekken. Dat wie op 08-07, 02-09 en 14-10. Op 18-09-2021 waard de Ledegearkomste oer 2020 hâlden.

It kritejier 2020 wie foar it kritelibben in min jier. De koroana spile ús parten, mei in delsluten (lockdown) en sels in jûnsklok. De nijjiersbesite koe net trochgean en ek de ledegearkomste koe yn april net plakfine. Dat wie pas op 18-09-2021. Earst in gearkomste mei de kontaktpersoanen en doe de ledegearkomste. It wie tige goed om elkoar wer ris te sjen en te sprekken. Dat die ek wol bliken yn it skoft. Nei de gearkomste binne der noch in pear rûntsjes Frysk Bingo spile ûnder lieding fan Jehannes de Kroon en syn sydsulver, út Hurderwyk. It wie in tige gesellige middei.

Op 09-10-2021 hâlde it Frysk Boun om Utens de Algemiene Ledegearkomste en ek de Moetings- en Ynspiraasjemiddei. Dizze kear wie Lutz Jacobi, direkteur fan de Waadferiening, de sprekker. Fan Fier fan Hûs wienen Henk de Boer en Bero Postma as fertsjintwurdigers fan de krite by de ALG oanwêzich.
Op 30-10-2021 wie der wer in kritemiddei. No koe ek it 120-jirrich bestean fan it Frysk Selskip ‘Fier fan Hûs’ fierd wurde. Dat is dien mei meiwurking fan de lûkpûdegroep Oostergoo, út Grou. Nei it optreden waard der gesellich meiinoar iten yn Ugchelens Belang.
Dat wie fuortendaalks ek de lêste kear dat wy elkoar seagen.

De boekeferkeap is in hiel stik tebek rûn, mar lokkigernôch hat Froukje de Wilde noch in stikmannich boeken op foarrie, dy’t by de kritegearkomsten te keap binne.

En fierders it kritemeilibjen, dêr’t Hennie Wiersma mei har kornuten José Bonder en Sietske Stegenga drok mei is. Omt de krite wat âldens oanbelanget mear en mear omsjen freget, wurdt dit wurk hieltyd wichtiger, ar ek dreger foar de froulju..

De kontaktpersoanen soargen, ûnder lieiding fan Johan Nieuwland, derfoar dat de Pinne’s en de kritebrieven by de leden komme, foar’t safier de kritebrieven net fia de mail ferstjoerd wurde. Der komme 2 Pinne’s út en 3 kritebrieven. De nije útfiering fan de Pinne (op A-4) falt yn de smaak.

Henny Wiersma hat har selsmakke kaarten mei om te ferkeapjen. Lammert van der Meulen soarget foar de prizen by de ferlotting. En by dy ferlotting wurdt hy assistearre troch in oantal leden dy soargje foar de lotteferkeap.

Alle leden fan “Fier fan Hûs”, dy’t der foar soargen dat yn it ôfrûne kritejier de Fryske taal en kultuer wer heech hâlden binne yn Apeldoorn en de wide omkriten, tige tank.

Apeldoarn, febrewaris 2022, Gerrit Stegenga en oaren

DE VERSTE BAKKER IN SNEEK,

EN ZO DICHTBIJ.....

0515 - 413 487

FRYSK EN FARSK

DE HAAN'S BAKKERIJ

HOOGEND 13- 15 SNEEK

H.A.S. H.A.S. H.A.S.

Út it ferline fan de Hallumerhoek. Lutske Stienstra

Dit binne Lutske Jensma en Pieter de Groot. De foto is nommen yn hun ferkearingstiid, om 1913 hinne. Hij kaam út Westernijtsjerk en sij út Marrum. Hij wie in boeresoan en har heit wie graankeapman.

Nei hun trouwen op 30 april 1914 te Ferwert buorken se yn'e Hallummerhoek.

De Jensma's wienen lju dy't goed op'e sinten pasten en dat ien fan Lutske har susters in nacht lang in lamp barne litten hie, wie noch lang in foarbyld fan hoe't it net moest. As it doetiids mear gewoante wie as no wit ik net, mar dizze beide binne troud op huwelijkse voorwaarden.

Afijn, yn 1924 hienen se yn Hallum nei in útfiering west en Lutske fielde har net lekker. Se lei al op bêd en sei: Piet, bring mij in sûre hjerring. Dêr knapte men doedestiids fan op. Piet helle de hjerring en doe't er wer bij har kaam wie se dea, trijentritich jier.

Dat wie in swiere slach. Elk sei dat dizze beide geweldich koenen en no bleau Piet achter mei trije famkes, ien fan njoggen, ien fan seis en ien fan trije. Dy lêste rûn in kear troch it hûs en de skuorre en rôp om har mem. Doe't se yn it bûthús kaam seach se dat har heit op'e bûthúsbank lei te gûlen. Tante Siete, al wie se yn de tiid fan it ferstjerren fan har mem noch mar trije jier, koe it njoggentich jier letter noch fertelle. Pake Piet wie swiersettich en waarsiik, hij moest wat steun ha en dat hie er oan syn frou, hij forlear alles, doe't sij stoar.

It begrutte de minsken om de bern. De Jensma's binne allegear doopsgesind, mennist, en doomnysmefrou Wartena bemuoide har mei de famkes. En bij frou Dijkstra fan de buorljue dêr kamen se in soad. Dy lies foar út it boek fan Niels Holgersson, dêr hie ús mem it letter faak oer, wij moesten dat boek ek lêze.

Der moest ien foar de húshalding komme. Dat waard Janke Simons, sa't de namme al seit, mennist. Se sille oan har kommen wêze troch it menniste sirkwie. Janke hie tsjinne bij grutte lju yn Oranjewâld en yntrodusearde yn 'e Hallumerhoek nijichheden bij it iten lykas meloen. Se rêdde har mei de trije bern.

Tante Siete sei: se hat ús in beste opfoeding jûn. Jûns foar achten moesten se sokbreidzje, en dan mochten se lêze. Janke makke de jurken dy't noadich wienen foar de dûnsles fan Adema. Ja, it wie in minske mei in ernorm plichtsbesef,"wij binne allegear arbeiders".

Alle trije ha se pianoles hân fan Hamringa, der waard in soad dien oan mezyk. Se songen ôfgryslike faak. As se bij buorlju Dijkstra kamen seinen dy: "famkes, no moatte jim ek even sjonge", eins woenen se dat net. Letter dienen se it al, mar dan gienen se achter it tékoepeltsje stean, dat se har net seagen. Twa songen de earste stim, de middelste fan de trije de twade.

Pake Piet koe hiel goed spylje, en hij wie gek op Richard Tauber. Der kaam in radio mei in enorme lûdsprekker, dêr koe er jûns skoften nei hearre. Op jûnen yn Marrum spile hij.

De fammen bleaunen yn'e hûs en op it lêst wie if safier dat dy de húshâlding dwaan koenen. Janke hie de bern mei grutbrocht mar no kaam der nei tsien jier in ein oan har wurk yn'e Hallumerhoek. Pake moest har dienjaan, hij hat der nachten net om sliept. Janke hie mei him trouwe wollen, dus it wie in hurd gelach foar har. Fia it menniste sirkwie is sij yn Dokkum bij Idsardi telanne kommen en dêr hie se in bêst plak. Wij ha der wol útfanhûs west.

Pake makke út en troch in busreis en dêr hat er wolris in frou wei meinommen nei Hallum. Mar dy seach dêr de trije fammen wol stean dat dat waard neat. Letter is hij al wer troud: hij hie sawntjin jier allinne west. Dat twadde houlik sil ik it net oer ha.

Part fan de gegevens hjirbij ha ik oernommen fan wat myn nicht Gryt van Duinen fêstlein hat.

In nij jier en wer in nij boekelûd yn 2022.

Froukje de Wilde-Witteveen

Alderearst it moaie boekje fan de keunstner Tjibbe Hooghiemstra en de skruiwer Douwe Kooistra.
Yn dizze koroanatiid hawwe sy it boekje “DE STABIJ” makke.
Tjibbe Hooghiemstra hat syn hûn Liv, in stabij, op ferskillende manieren tekene.
Douwe Kooistra hat der in pear ferhalen, ek koarte stikjes bij skreaun. It binne suver gedichtsjes, dy’t hy bijkes neamt. It is in moai boekje om kado te jaan en it is ek yn it Nederlânsk te keap.
De priis is € 14,90.

In hiel oar boek is it “FRIES BAKBOEK”
Betty en Henny Feenstra hawwe by bakkers op ‘e Lemmer wurke. Sij beskriuwe swiete resepten út de rike bakkerstradysje fan Fryslân. Fansels fine jo yn it bakboek resepten fan de oranjekoeke, de sûkerbôle, de dúmkes, de trommelkoeke, ensafuorthinne.
It bakboek is sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk te krijen.
De priis is € 22,50.

Noch in kear oandacht foar Douwe Kooistra.
Der is in seleksje út syn columns yn it Fryske Gea bundele en dy is no te lêzen yn it boekje “ACHTERLIK FRYSLÂN” en oare columns. Op humoristyske wize behannelet er in bûnt ferskaat oan ûnderwerpen. Dochs in wat frjemde titel mar we kinne it nei alle gedachten ek lêze as ‘efteroankomme’; wy steane meastal net foaroan.
De priis is € 7,50 (96 siden).

GROOT FRIES MOLENBOEK
De mûnesaakkundigen Warner B. Banga en Gerben D. Wijnja ha in wiidweidich en nijsgjirrich oersjoch makke fan de fryske mûnen yn de ôfrûne 125 jier. Se fertelle oer de striid om it behâld fan de mûne yn it lânskip en it stêds- en doarpsgesicht. Sy ha ek by âlde mûnders west, dy’t ferhellen oer harren mûnetiid. It boek is yllustrearre mei prachtige foto’s . De ferhalen binne meinimmend. Guon bydragen binne skreaun yn it Frysk, mar fierder is it skreaun yn it Nederlânsk.
De Priis fan it “Groot Fries Molenboek is € 42,95.

Dizze boeken kinne jo keapje bij Afûk yn Ljouwert of by jo boekwinkel.
Het groot Fries Molenboek is lyksa te keap by gwijnja@ziggo.nl
Foar fragen kinne jo my ek maile op witwil1940@gmail.com

Foar it earst nei skoalle. Ary Meintema-Jeltema

Ik bin seis, ik bin grut, ik mei nei skoalle! Bliid stap ik de doar út! Mar al gau wurde mijn fuotten stadiger…. Ik kom tichter by de hoeke en it roppen wurdt lûder!
In hiel soad bern sjoch ik, in protte gesichten dy't ik net kin…..
De famkes, grutte en lytse, dûnsje yn in wide kring en sjonge "Rosa, Rosa, bloemen op je hoed…" In bytsje bang en wifeljend bliuw ik stean. Mar ien fan de grutte famkes sjocht my en ropt: " hé Ary, kom derby, kom yn de kring!"Se stapt út de kring, komt op my ta, pakt myn hân en nimt my mei!
Sjoch ik doch ek mei!
Efkes letter giet de grutte, griene doar iepen en master stapt nei bûten. Ik ha him wol ris sjoen, ik fyn him moai: O sa grut en rjucht! En mei in holle fol lytse wite kroltsjes.
As de grutte jonges al nei de doar rinne, seit hy: "Ho jonges! Romte foar de lytskes!"
Wy twa famkes en sân jonges rinne in bytsje ûnwennich de doar yn, master jout ús allegearre in hân.
Juffer stiet al yn 'e doar fan har lokaal. Se wiist elk in kapstok en in plak foar learzen en klompen yn de houten klompebak. Se wiist ús de rige banken wêr't wy in plakje sykje meie. Sietske en ik geane tegearre achteroan sitten.
Ik kin Sietske goed, se wennet skean foar de herberch oer.
Dat ik net sa faak mei har boartsje, komt omdat se oan de oare kant fan de dyk wennet. En dy dyk is gefaarlijk fan wege de trambaan!
As elkenien sit, praat juf earst tsjin ús, de bern fan de twadde en trede klas harkje. Se seit dat wy no echt grut binne, dat wy aanst lêzen, taal, rekkenjen en skriuwen leare sille, dat wy mei elkoar sjonge sille en noch folle mear. Dan wiist se nei in grutte plaat dy't foar it boerd hinget. Dy moatte wy mar ris goed besjen, wylst sy de klassen twa en trije oan it wurk set. Want dêr sil se ús aanst in ferhaal oer fertelle.

It is in hiel moaie plaat: in stikje fan in stritte, in pear froulju mei moaie wite skelken foar, ien mei in lytse poppe op har earm, in pear jonges en famkes, in pear hûnen. in kat, mar it moaiste is in wat frjemde, âlde man.
Hy hat in hoed op , mei in swierige, grutte râne. Hy laket, hy hat in lange line yn 'e han en oan dy line sit in aap, in echte aap! En dy aap sit heech yn 'e goate fan in grut hûs, en yn syn poatsjes hat er in nút, dy't er iepen meitsje wol.

En dan sille wy lêze, seit juffer. No, ik fyn it gjin lêzen: wy krije net in boek lyk as ús mem opsiket as se my foarlêze wol, mar in plankje!
In plankje mei alle plaatsjes. dy't ek op dat grutte boerd foar de klas steane, en in lyts doaske mei letterkes. Dêr moatte wy deselde letterkes út sykje as dy't juf no op it boerd leit by it plaatsje fan de aap. Juffer wiist oan en neamt se: aa…p… aap.

Is dit lêzen? Ús mem docht dat oars.

Dan meie wy dy letters ek noch skriuwe.
Ja ik kin lêze, ien wurdsje!

BINNENSKIPPERS Ynstjoerd troch Gellie Dijkstra-Bosgraaf

Twa skippersbern, Gerben Beijert út Drachten en Berendtje Boom út Eastermar beslúte yn 1919 in húshâlding te begjinnen en lykas hun âlde lju in farrend bestean op te bouwen. Mear as fjirtich jier lang farre se yn de trije noardlike provinsjes mei turf, kompost, stienkoal en biten. Se begjinne mei in skûtsje mar geane al rillegau oer op in gruttere tjalk. Hun *Nova Cura* is in frachtskip sûnder motor. Op de trajekten dêr't se net sile kinne lûkt Berendtje, as oars in ynhierde jager, it skip. Fan 1934 ôf farre se mei in lyts triuw- en lûkboatsje: in opdrukker. Se krúse troch hiel Noardnederlân: fan Emmer-Erfsheiderveen nei Jonkersvaart, fan Olterterp nei Tzummarum, fan Wetsinge nei Harns en Makkum. Alle kearen weroan geane se tebek nei hun fêste thúshaven Drachten.

Se krije fjouwer bern, dy't oan board opgroeie. Taeke,Trijntje, Bontje en Johannes geane nei skoalle op dy plakken, dêr't se lade en losse. As se âlder binne, komme se yn kostgesinnen yn Drachten, dat se nei in fêste skoalle kinne. Úteinlik kieze alle fjouwer foar in bestean "oan'e wâl". Dêrmei brekke se mei in tradysje dy't binnen de famylje al generaasje op generaasje oerdroegen waard. Gerben en Berendtje binne de lêsten dy't farre.

It ferhaal fan Gerben en Berendtje wurdt ferteld mei de krisis fan de jierren tritich en de Twadde Wereldoarloch op 'e achtergrûn. It is it ferhaal fan in skippershúshâlding yn in wrâld dy't hurd feroaret. Yn de fyftiger jierren ferdwynt stadichoan de beropsgroep fan lytse binnenfeartskippers. Ek it gea dêr't se trochhinne farre feroaret hurd. De turfôfgravingen yn Súdeast Drenthe komme ten ein. Reden: de enerzjytransysje giet fan turf nei stienkoal.

Yn 1963 sette Gerben en Berentje har krekt lykas de bern te wenjen oan'e wal. Hun skip, de *Nova Cura,* krijt nije bestemmingen.

Dit ferhaal wol in earbetoan wêze oan dizze famylje en dêrmei oan alle skippers dy't mei fallen en opstean in bestean opbouden.

HOZA SUPERCENTER
Voor vakman en hobbyist
GEREEDSCHAPPEN - TUINHOUT - TUINMEUBELEN
Zwolseweg 323 7345 AA WENUM-WIESEL
055 - 521 98 75 ✱ info@hoza-apeldoorn.nl ✱ www.hoza-apeldoorn.nl

Baron Sloetkade 105
7321 ZR Apeldoorn
T 055 - 201 04 02
www.apotheekoosterwelgelegen.nl
Geopend maandag t/m vrijdag van 8.00 - 18.00 uur

alphega apotheek
Ooster-Welgelegen

Apotheek Ooster-Welgelegen is onderdeel van GZCentrum Welgelegen

HAIRSTYLING DICK

UW HAAR IS ONZE HOOFDZAAK

055 3555991

ASSELSESTRAAT 269
7312 CV APELDOORN
06 55558174

HAIRSTYLINGDICK@HOTMAIL.COM
ING 653115008

THE CYCLING EXPERTS
FUTURUM
quality gear

These garments weren't designed for ordinary people. They were designed for cyclists. Half man, half bike. Both halves as light as possible, so they can carry the heavy desire of the mind. And the pain.

Futurum is a natural born cyclist. Futurum feels what you feel. Whether it's the excruciating pain in your legs or the indescribable sense of fulfillment when the ride is over. Futurum understands why on earth you keep on getting back on your bike over and over again.

Futurum knows you need an outfit that takes you through the torment. An outfit that makes you look good and feel good, despite your agony.
It flashes through your mind
"Why am I doing this?"
But you know there will be a next time.
And a next one!

FUTURUM GEAR
ONLY AVAILABLE AT WWW.FUTURUM.CC

FEEL FREE. FUTURUM.
THE CYCLING EXPERTS.

It Lamke. Ary Meintema-Jeltema

Wy moatte aanst mar efkes tegearre nei it lân, Ary, sei Heit ûnder it iten. It waar is wol sa min, ik wol de trije skiep graach yn ‘e lege golle hawwe. Dy skiep kinne wol oer dit waar, mar se kinne har lamkes krije en dy wol ik net yn it lân ha mei sa ’n kjeld en rein of snie.

Heit wie feehanneler, hy hierde in pear stikken lân fan menear de baron, baron fan Welderen Rengers fan EpemaState. Simmerdei hie hy dêr in stikmannich kij yn. Heit mocht graach melke en sa hiene wysels molke genôch, net allinne om te drinken mar ek om bûter te meitsjen. It wie yn de oarlochsjierren en it iten waard krap.

Winterdeis runen dêr in pear skiep yn.
Heit woe se ûnderdak ha mei dit Maartske-buoien-waar. Wy wennen net op in pleats, mar heit koe yn needgefallen altyd terjuchte by omke Pyt Zondervan, dy’t op ‘e pleats oan de ein fan de buorren wenne. Hy wie troud mei in suster fan mem.
Dêr moasten de skiep dus hinne, de Hiele buorren troch. En dus wie it handich om in helper mei te nimmen. Hast by de hikke sei heit: Ik wie der al bang foar: te let! De lammen binne der al!

Ja, ik seach it ek, der stiene al lamkes tsjin ien fan de skiep oan. Heit sei: mar twa? Ik wie der wis fan dat der trije komme soene, ik ha der noch nei field! Ik rin mei de skiep nei de hikke, Ary, sjuch do efkes oft der hjir of dêr noch ien leit. Ik seach om my hinne en ja, lei dêr net wat wyts yn ‘e greppel? Ticht by de sleat? Ik rûn derhinne en seach al gau it lamke, suver hast yn it wetter! Ik sjoch it, heit, rôp ik, ik leau dat er dea is! Ik pakte it biske op, hy wie dweiltrochwiet en iiskâld! Nim him mar mei en bring him thús, ik rêd my wol mei de skiep! rôp heit. Ik besocht it lamke sa ticht en waarm moochlik tsjin my oan te hâlden. Ynienen, ik waard der suver kjel fan, wat fielde myn hân? Ik taaste troch de wiete wol en ja, ik fielde it hertsje klopjen!
Heit, raasde ik tsjin de stoarmwyn yn, hy libbet noch, ik fiel syn hertsje! Mar gau nei hûs, rôp heit, yn it hok leit grif wol in âlde doaze. Nim him dêryn mei nei de keamer, mar net te ticht by de kachel! Mem lei gau in pear âlde waarme lapen yn de doaze, in moai bedsje foar ús lamke. Hy knapte gau wer op en doe’t heit thûs kaam seach er hoe oft it lamke al besocht om der út te kommen. Moai sa sei er, hy moat fourt mar werom nei syn mem. Sy kin it bêste op him passe!

Dat spiet my al, ik hie tocht dat ik him no mei in sûchfleske grutbringe mocht. Mar ik begriep dat heit gelyk hie. Tegearre brochten wy him nei de pleats. Yn ‘e skuorre achter in hikke foar de lege golle, rûn de mem fan ús lamke, en ek al in stikmannich skiep mei lammen fan omke Piter. Heit sette it lamke oer de hikke yn it strie. It begun dadliks te bletterjen en al by it earste ludsje tilde ien fan de skiep de kop op en kaam fuort nei ús wouterke ta en binnen in pear tellen liet se ta dat er begûn te drinken!

Moai, sei ús heit mei in sucht! Ik siet der wol oer yn wat it skiep dwaan soe, mar dit komt hielendal wer klear! In goed ein fan it aventoer!

By inoar swyle

Berne-eagen

As ik yn syn berne-eagen sjoch,
dy't noch sa suver binne,
fol betrouwen en fol langst,
dan soe ik skrieme kinne,

Hy libbet yn syn lytse wrâld
syn blide bernedagen,
Hat noch gjin weet fan wat der bart
En noch alhiel gjin fragen.

Mar 't flocht mij oan, as ik besef,
aanst wurdt syn wrâldsje in wrâld
fan hurde wrede wurklikheid.
As ik dêroan tink, wurd 'k kâld.

Froukje Annema

Smaak
Se hawwe net folle smaak yn Fryslân, want wat is it moaiste gebou yn Fryslân?
It planetarium yn Frjentsjer hat de priis wun!
Myn kar net! Der sil wol ien út dat plak yn de kommisje sitten hawwe!
Ik hie earder tocht oan de wetterpoarte yn Snits as oan it stêdhûs yn Boalsert.
Mar ik, ja wa bin ik?

Lutz Jacobi (jo kinne har?) "ik bin niet su for debatten"

Taalpriuwkes

Eachteister	Dat frommes sil net yn 'e hûs
Sa earlik as goud	ferskimmelje
Earlik wier	Hij hat fêst wurk
Earnewâldster jongfolk	Fêste ferkearing
Eartiids	Jin yn de finger fykje
Leppeltsjedief	Fimelich wurk
Wij stoke hjir net foar jeropa, doch de doar	De fine skoalle
ticht	Sa fyn as poppestront
Luie Evert	Finne
f.l.n.rj	Flaainamme
F. N. P.	Flaubyt
Der binne mear fammen as tsjerken	Ik haw it fleanende drok
Dat smoarge fanke!	De poppe is oan de flesse
Hij fisket yn ferbean wetter	Flybkje
Fergean fan pine yn de mûle	De widze is oer de flier
Jild fergrieme	Flokke as in ketter
Hij hat him oan dat frommes ferhongen	Dreage flut
In ferlegen boel	Dyn foardoar stiet iepen
Ik ferrek it langer	De fodden bij elkoar smite
Dy faam is fersein	In spultsje fan kâlde fuotten
	It âlde folk

Dat wie it even.
Minne Iedes

Kontakt persoanen

Dhr J. Nieuwland	2e Johannesstraat 19, 7331 CE Apeldoorn, 055-5332130
Mefr. F. Runia	Van Haersma de Withlaan 7, 7316 CX Apeldoorn, 055- 5788
Dhr. L. van der Meulen	De Parkelaar 11, 7339 JC Ugchelen, 055-5341500
Dhr. H.E. Sprietsma	Loolaan 41/88, 7314 AD Apeldoorn, 055-3670068
Mefr. S. Stegenga – Schilstra	Texandrilaan 49, 7312 HP Apeldoorn 055-3556700
Dhr. L. Toering	Wim Helderlaan 13, 7334 CR Apeldoorn, 055 5338734
Dhr. T. Ruim	Kruizemuntstraat 104, 7322 MA Apeldoorn, 055-3662216
Dhr. B. Postma	J. de Grootstraat 20, 7311 GN Apeldoorn, 055-5760715
Dhr. J.W. Kooistra	Pachtersveld 111, 7327 CS Apeldoorn, 055-5421229
Mefr. A. de Boer – Holwerda	Lindelaan 22 , 7391 JZ Twello, 0571-273036
Mefr. T. Groeneveld – Faber	Sleperserf 25, 6961 JS Eerbeek, 0313-653010
Mefr. T. de Jong – van der Meulen	Roelenengweg 48, 3781 BB Voorthuizen, 0342-471313
Mefr. A. Huisman – Westra	Verdisstraat 229, 7204 PX Zutphen, 0575-521113
Mefr. A. Roorda – Kooistra	Jacob Meijlinkstraat 18, 7425 SM Deventer, 0570-591174

Foar yn it bûsboekje

6 maaie	Jiergearkomste

Ut ‘e Pinne is it ferieningsblêd fan it Frysk Selskip Fier fan Hûs Apeldoorn

Utjefte: Frysk Selskip “Fier fân Hûs” Apeldoorn, 55e jiergong nûmer 2 april 2022
Redaksje: Henk de Boer, De Wezeboom 4, 6971 HP Brummen, 06-53929111
henkank.deboer48@kpnmail.nl
Advertinsjes
Bero Postma, J. de Grootstraat 20, 7311 GN Apeldoorn, 055-5760715
beropostma@kpnmail.nl

Lidmaatskip
Frysk selskip “Fier fân Hûs” Apeldoorn
Ynlage foar in jier € 15,00
Betankje alline skriftelik en foar 1 novimber by de skriuwer. Op 1 novimber wurdt it lidmaatskip automatysk mei in jier ferlinge.
Kontribúsje tenei betelje op NL67 RABO 0303 3512 17 o.n.f. Fier fan Hûs Brummen
(It ledejild kin allinne mar oermakke wurde op de RABO rekken! De ING rekken is opsein)

BLOEMENMAGAZIJN
MARGRIET
Fleurop
bloemen met een boodschap
Wy binne net de grutste en wis ek net de goedkeapste. Wat wy wol beweare:
Wy hawwe in grut assortimint tsjin reedlike prizen.
Jo moatte mar ris komme te sjen !!!
H.J. STEGEMAN
Email: margrietbloemen@vbw-groenplein.nl
www.flowerserviceapeldoorn.com
Schubertlaan 20, 7333 CV Apeldoorn, Till. 055-5332655

Rouwenhorst

ROUWCENTRUM SINDS · 1901

Christiaan Geurtsweg 24 - 26
7335 JV Apeldoorn
055 - 5414089 (dag en nacht)
www.rouwcentrum-rouwenhorst.nl